

Jierferslach fan it Kolleezje fan Diakens fan de Protestânske Mienskip Wommels-Hidaard oer 2024.

Yn 2024 bestie it kolleezje út Baukje Kooistra, Grietsje Reitsma, Henk de Boer, Joop van der Sluis, Lieuwe Bouma, Murk Viersma, Tjitsche Joustra en Ype Talsma. Nei in sittingsperioade fan respektifyk 6 en 8 jier as diaken hawwe wy yn 2024 ôfskied nommen fan Grietsje Reitsma en Murk Viersma. Spitigernôch binne de ûntstiene lege plakken oant op de dei fan hjoed net ynfolle. Wol is Jellie Bosma ree de funksje fan diaken te dielen mei Lieuwe Bouma. Nei it ôfskie fan Murk Viersma as sekretaris is de taakferdieling sa, Henk de Boer foarsitter, Joop van der Sluis boekhâlder, Ype Talsma sekretaris en Tjitsche Joustra notulist. De ôffeardiging nei it breed moderamen (lytse tsjerkeried) binne Henk de Boer en Tjitsche Joustra. Der waard 8 x fergadere yn 2024. De diakony hat as padwizer in draaiboek. Hjiryn stean alle aktiviteiten it hiele jier rûn. Dit draaiboek wurdt alle jierren aktualisearre.

De aktiviteiten fan de diakony binne ferdielt oer 3 wurkgroepen, mei yn elke wurkgroep 1 of meardere diakens, oanfolle mei in protte frijwilligers.

De aktiviteiten fan wurkgroep 1 binne benammen: it ferstjoeren fan kaarten nei sike gemeenteleden, fersoargje fan it Hillich Nachtmiel en it besoargjen fan kryststikjes en krystkaarten. Yn 2024 waarden 100 kryststikjes en 90 krystkaarten útdielt.

De aktiviteiten fan wurkgroep 2 binne benammen: ynlânsk diakonaat, kleanaksje, boattocht, iepenlofttsjinst, kofjemoarn yn'e toer en it besoargjen fan it Open Deur Magazine krekt foar Peaske.

De aktiviteiten fan wurkgroep 3 binne benammen: diakonale help wrâldwiid. Dizze wurkgroep is better bekend ûnder de namme ZWO. De ZWO skriuwt sels in jierferslach.

De aktiviteit fan it besoargjen fan Krystpakketten en Pinksterpakketten bart troch de foarsitter en sekretaris fan it kolleezje. Al yn 2022 is besletten yn ferbân mei de algemiene fermindere ekonomyske situaasje om ek Pinksterpakketten te besoargjen. De pakketten wurde besoarge by ynwenners fan Wommels-Hidaard dy't selsstannich wenje en rûn komme moatte fan in minimum ynkomen. Ynwenners fan Wommels-Hidaard kinne harren fia in antwurdformulier yn Oer de Brêge of Difgelfjoer oanmelde. In tal organisaasjes lykas de gemeente Súdwest-Fryslân attindearret ynwenners fan Wommels-Hidaard op dizze mooglikheid. Hoewol't wy sa diskreet mooglik mei de oanmeldings omgean, is it yn'e praktyk dreech om de doelgroep te berikken. De drompel foar oanmelding blykt heech te wêzen. Yn 2024 binne d'r 19 Krystpakketten en 12 Pinksterpakketten besoarge.

De aktiviteiten om Sibiu hinne binne yn 2023 ôfboud. Nei 2023 kriget de mienskip út Sibiu in bedrach út de algemiene middels.

As diakony binne wy yn'e posysje dat wy net allinnich de sneinske kollektes hawwe dy't wy oan in beskaat doel keppelje, mar wy hawwe ek eigen fermogen yn'e foarm fan lânbougrûn, oiko-kredit obliigaasjes, jildmiddels en útliend jild (û.o. oan SKG). It moaie hjirfan is dat wy it rendemint dat dit fermogen oplevert besteegje kinne oan in oantal goede doelen, ofwol projekten, die wy foar langere tiid stypje wolle, sadat d'r in begrutting makke wurde kin.

De Diaconie hat as taak om jeften oan goede doelen te jaan. Dit bart mei oan de hân fan it kollekteroaster. Hjirby is soarchfâldigens nedich. Projekten wurde dêrom jierliks evaluatearre. Dit giet as it om it bûtenlân giet yn oerlis mei de ZWO. Wat de kollektes oanbelanget, wurdt gebrûk makke fan de advyslist fan it lanlike en provinsjale protestantsk tsjinstesintrum en aksjes fan Tsjerke yn Aksje. Der binne yn it ôfrûne jier wer (digitale) kollektes hâlden foar ferskate organisaasjes yn binnen- en bûtenlân. Dêr moatte we prioriteiten (by)stelle. Foar it pleatslik diakonaat wurdt der reagearre op (need) oanfragen, troch op dat stuit te beslûten ta in jeftige en de hichte dêrfan.

Ferline jier hawwe wy de bananedoazeaksje holden foar de Fryske Riders. Dizze organisaasje organisearret helptransporten fanút Fryslân nei Oekraïne. Dit wie in grut sukses.

It Kolleezje fan Diakens soarget ek foar de bekostiging fan û.o.: de blommen yn de tsjerke, in presintsje foar âlderein mei harren jierdei (wurdt troch de âlderlingen of wykassistinten brocht) en de kofje tiisdeitemoarn yn de toer.

Yn 2024 binne wy úteinset mei it beliedsplan, wat duorsumens oangiet, hannen en fuotten te jaan. Der bart no ek al in soad wat duorsumens oanbelanget. Tink dêrby ûnder oaren oan it repaircafe yn It Bynt, kleanaksje, dopaksjes ensfh. By elke aktiviteit wurdt no besjoen oft it duorsumer kin. In foarbyld is bygelyks in oare gearstalling fan de krystpakketten of it brûken fan weismytguod te beheinen.

Wy as Kolleezje fan Diakens binne elkenien dy't ús stipet tige erkentlik, foar sawol finansjele bydragen as frijwilligers help!

Ut namme fan it Kolleezje fan Diakens: Ype Talsma.